

## Mais tele ûnder foly....ús ûnderfining

In protte is der oer praat omdat de sichtbere ferskillen grut wienen. En sis no sels, wy wolle massa sjen! It wie in genot om al betiid yn dizze wiete en kâlde maitiid in massaal gewaaks te ha wylst de gewoane mais noch mar 10 sintimeter heech stie. Mar binne de ekstra kosten van €250 / €300 ek werom fertsjinne? Want op dy fraach woenen wy in antwurd.

Omdat wy deselde (lette) rassen mei en sûnder foly siedde ha, koenen wy de ferskillen mjitte, mei in lytse slach om' e earm omdat der yn it perseel ûngelykheden foarkamen. Alle rassen wienen earder rispryp, sels it alderlêste ras PR34B39 (FAO300) helle 30,4%. It ferskil op de rispdatum wie gemiddeld 3,5% ds heger. De ekstra farske opbringst lei 2,25 ton heger, wylst de farske opbringst 11,5 ton heger wie yn fergeliking mei de gongbere rassen.

De gemiddelde droege stof opbringst is wol super: 19.5 ton/ha. De kwaliteitsferskillen (setmoal en VEM) yn dizze proef binne minimaal en wy ha it plan dat oankommend jier nochris te mjitten ûnder mooglik oare groei en waarsomstannichheden. Mei troch alle oare waarnimmingsen yn it rinnende seizoen wolle wy de foarearste konklúzje lûke:

- Om oan de hegere droege stof opbringst te kommen moatte wy kieze foar in ras fan minimaal 240 FAO of heger.
- Net alle rassen binne geskikt foar de foly teelt.
- ûnderblêd ûnkrûdbestriding en blêd bemesting needsaaklik.
- Boaiemanalyse belangryk omdat bemêstingstastân op oarder wêze moat, letter bystjoere is lestich.
- Ploegje yn de maitiid om skjien te begjinnen.
- Allinne op goed trochlittende en droege perselen om sawat 1 april siedzje te kinnen.

Ha jo ynteresse yn dizze wize fan mais telen of wolle jo der nochris oer trochprate? Dan riede wy jo oan om dit sa fluch mooglik oan te jaan. De spesjale foly moat nammentlik foar 1 jannewaris 2014 besteld wurde.

Albert Snoei

Ut: de Samenwerking, desimber 2013, nr.5